

Gemeente Hearenfean

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	5	€ 94.989
 KEUNST EN KULTUER	33	€ 344.590
 LEEFBERENS	35	€ 598.166
 MIENSKIP EN BEDRIUW	3	€ 23.668
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	21	€ 367.634
 SPORT	16	€ 360.372
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	3	€ 76.983
 SOARCH EN WOLWÊZEN	11	€ 309.958
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	15	€ 7.500

Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

Sijbe Knol
Deputearre Leefberens



GEMEENTE HEARENFEAN

10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Hearenfean. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsydzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Súdeast Fryslân wat fêstige is yn De Gordyk. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: fryslan.fr/imoanfreegje.

142

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 2.183.860 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Hearenfean. Dat is € 42,03 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân
€ 2.183.860



Multiplier 6,13

ÚTLICHT:

Nij Hospice Hearenfean

Yn juny 2021 is in earder skoalgebou oan de Van Helomalaan yn it Hearenfean foar in symboalysk bedrach oankocht foar de realisasje fan in nij hospys. Daliks dêrnei is begûn mei de grutte ferbouwing fan it pân. Earst it sloopwurk en asbest derút helje, dêrnei de opbou fan muorren en it ynstallaasjewurk. Yn it earste fearnsjier fan 2022 waarden de wurksumheden dien makke, û.o. it skilderwurk, flierbedekking lizze en de tún oanlizze. Op 8 april 2022 hat kommissaris fan Kening Arno Brok it gebou iepene troch de oarspronklike skoallebel te lieden. Inkele dagen letter hat de ferhuzing west en hat de earste gast syn yntrek yn ien fan de nije keamers fan it hospys nommen. Dêrnei is it meast duorsume hospys fan Nederlân mei help fan Iepen Mienskipfûns ta stân kommen.


Mear ynfo is te finen op vptzjulijawouters.nl.



Projektekaart gemeente Heerenveen

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projektekaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Heerenveen.



TALJOCHTING:

- | | | |
|---------------------------------|---------------------------|-----------------|
| Enerzjy en Duorsumens | Keunst en Kultuer | Leefberens |
| Mienskip en Bedriuw | Natur en Kultuerhistoarje | Sport |
| Ferduorsumjen Mienskipsgebouwen | Soarch en Wolwêzen | Fryslân Ferbynt |

NIJSGJIRICH NEI DE PROJEKTEN?



OANTAL PROJEKTEN: 142

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 13.382.512

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 2.183.860